

Hear, wy betinke hjir jo dea

Hear, wy betinke hjir jo dea

David de Jong

1. Hear, wy be - tin - ke hjir jo dea
yn it ge - heim fan wyn en brea:
jo leaf - de foar al - ti - ten.
Jo kea - zen foar in nij - e wei:
en ien - ten mei de sûn - ders mei.
Lit ús ek mei Jo i - te.

1

Hear, wy betinke hjir jo dea
yn it geheim fan wyn en brea:
jo leafde foar altiten.
Jo keazen foar in nije wei
en ieten mei de sûnders mei,
lit ús ek mei Jo ite.

2

Jo binne sels ús iten hjoed,
brea is jo lichem, wyn jo bloed,
om al ús skuld fergetten.
Jo ha foar minsken fier fan hûs
mei iepen earmen oan it krús
it libben wer ûntsletten.

3

Lof oan de Hear dy't libben brocht.
Til no, as blommen nei it ljocht,
de herten op nei boppen.
Gasthear dy't oeral geunst bewiist,
wierlik, de Heare is ferriisd,
ta macht en gloarje roppen.

4

Wy no, dy't libje fan jo dea,
werpenne Jo oan 't brutsen brea:
de Hear fan alle machten.
As tragens al ús hoop bedjert,
lit ús tenei mei brânend hert

it brulloftsmiel ferwachtsje.

5

Rin mei ús op, Hear, lis ús út
de djippe sin fan 't godlik wurd
en iepenje ús eagen.

Lit ús mei leafde en pine, Hear,
– beker fol freugde en fol sear –
foleinige ús wegen.

tekst Ria Borkent

oersetting David de Jong

meldij David de Jong